

PARSEBERJOCHT

20 desimber 2018

Mei Omrop Fryslân de operaasjekeamer fan it MCL yn

Omrop Fryslân nimt yn de rige ‘In lepen hert’ sjoggers mei nei de OK fan Hartcentrum Friesland ûnder in hertoperaasje. It sintrum, dat ûnderdiel is fan it MCL, heart by de bêste hertsintra fan Nederlân. Reden genôch om ris te sjen wêr’t dy titel mei fertsjinne is. Yn it telefyzjeprogramma Fryslân Hjoed is fan 7 jannewaris ôf in rige te sjen dêr’t pasjint Klaas van der Meer by folge is; fan it earste petear oant en mei de hertoperaasje.

Yn fjouwer ôfleveringen wurdt de sjogger troch de eagen fan de pasjint, de sjirurch en de ferpleechkundige meinommen yn it proses fan de operaasje.

Net bang oanlein

“Ik bin net bang oanlein. It moat barre en it sil fêst goedkomme”, dat sei Klaas van der Meer foardat hy yn novimber oan syn hert operearre waard yn it MCL. Klaas is 85 jier en komt út Menaam. Hy is al in pear kear earder oan syn hert operearre; hy is dottere en hat fjouwer stents krigen. Klaas is in echte nochttere Fries en seach ek dit kear hielendal net tsjin de operaasje op. Syn frou, Baukje, hie der mear lêst fan. “It is in hiele yngreep, want it hiele boarst moat iepen. Wy witte dan ek net hoe’t Klaas derút komt nei de operaasje.”

Ferkearde diagnoaze

De man dy’t it hert fan Klaas letterlik yn ‘e hannen hat, is sjirurch John Bol Raap. Foarôfgeand oan de operaasje treft er Klaas meardere kearen. “Ik wol witte watfoar persoan ik yn myn hannen haw en moat derfan oertsjûge wêze dat hy de operaasje oankin.” John is al 20 jier spesjalist foar de boarstkas en wurket sûnt twa jier by it MCL. De motivaasje foar syn berop wie der al doe’t John noch mar njoggen jier wie. “Dat lei oan ús heit. Dy hat in ferkearde diagnoaze krigen en dat hat in soad impact hân op him, mar ek op ús as gesin. Dat wie in ferskriklike situaasje en fan doe ôf hie ik de gedachte: dit wol ik by oaren te foaren komme.”

In goed wurkjende keten

In operaasje docht Bol Raap net allinnich. “De hiele keten moat goed wêze. Net allinnich de sjirurch, mar ek de ferpleging, intensive care, de anestesie. Elkenien hat syn eigen rol yn de operaasje en dat wurket allinnich as elkenien inoar oansprekke kin op mominten dat it minder goed giet.” Dêrom folget Fryslân Hjoed ek Eelkje Strikwerda. As ferpleechkundige is sy in soarte fan regisseur fan de soarch fan in pasjint. Wat de pasjint oan soarch nedich hat, wat dan ek, regelet sy. Yn july ferline jier is Eelkje ôfstudearre. “En fan it begjin ôf hat it hert letterlik myn hert krigen. It is sa’n wichtich orgaan dat yn ferbining stiet mei it hiele lichem. Dat fyn ik sa bysûnder.”

‘In lepen hert’ yn Fryslân Hjoed:

De rige ‘In lepen hert’ is fan 7 oant en mei 10 jannewaris fan 17.00 oere ôf te sjen op Omrop Fryslân. De rige is ûntstien yn gearwurking mei Hartcentrum Friesland fan Medisch Centrum Leeuwarden.

Noat foar redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876

PERSBERICHT

20 december 2018

Met Omrop Fryslân de operatiekamer van het MCL in

Omrop Fryslân neemt in de serie 'In Iepen hert' (Een Open hart) kijkers mee naar de OK van Hartcentrum Friesland tijdens een hartoperatie. Het centrum, dat onderdeel is van het MCL, hoort bij de beste hartcentra van Nederland. Reden genoeg om eens te kijken waarmee deze titel is verdiend. In het televisieprogramma Fryslân Hjoed is vanaf 7 januari een serie te zien waarbij patiënt Klaas van der Meer is gevolgd; van het eerste gesprek tot en met de hartoperatie.

In vier afleveringen wordt de kijker door de ogen van de patiënt, de chirurg en de verpleegkundige meegenomen in het proces van de operatie.

Niet bang aangelegd

"Ik ben niet bang aangelegd. Het moet gebeuren en het zal vast goedkomen", dat zei Klaas van der Meer voordat hij in november aan zijn hart werd geopereerd in het MCL. Klaas is 85 jaar en komt uit Menaam. Hij is al een paar keer eerder aan zijn hart geopereerd; hij is gedotterd en heeft vier stents gekregen. Klaas is een nuchtere Fries en zag ook dit keer helemaal niet tegen de operatie op. Zijn vrouw, Baukje, had er meer last van: "Het is een hele ingreep, want de hele borst moet open. Wij weten dan ook niet hoe Klaas eruit komt na de operatie."

Verkeerde diagnose

De man die het hart van Klaas letterlijk in zijn handen heeft, is chirurg John Bol Raap. Voorafgaand aan de operatie ontmoet hij Klaas meerdere keren. "Ik wil weten wat voor persoon ik in mijn handen heb en moet ervan overtuigd zijn dat hij de operatie aankan." John is al 20 jaar specialist voor de borstkas en werkt sinds twee jaar bij het MCL. De motivatie voor zijn beroep was er al toen John nog maar negen jaar was. "Dat lag aan mijn vader. Die heeft een verkeerde diagnose gekregen en dat heeft veel impact gehad op hem, maar ook op ons als gezin. Dat was een vreselijke situatie en vanaf toen had ik de gedachte: dit wil ik bij anderen voorkomen."

Een goed werkende keten

Een operatie doet Bol Raap niet alleen. "De hele keten moet goed zijn. Niet alleen de chirurg, maar ook de verpleging, intensive care, de anesthesie. Iedereen heeft zijn eigen rol in de operatie en dat werkt alleen als iedereen elkaar kan aanspreken op momenten dat het minder goed gaat." Daarom volgt Fryslân Hjoed ook Eelkje Strikwerda. Als verpleegkundige is zij een soort van regisseur van de zorg van een patiënt. Wat de patiënt aan zorg nodig heeft, wat dan ook, regelt zij. In juli afgelopen jaar is Eelkje afgestudeerd. "En vanaf het begin heeft het hart letterlijk mijn hart gekregen. Het is zo'n belangrijk orgaan dat in verbinding staat met het hele lichaam. Dat vind ik zo bijzonder."

'In Iepen hert' (Een Open hart) in Fryslân Hjoed:

De serie 'In Iepen hert' is van 7 tot en met 10 januari vanaf 17.00 uur te zien op Omrop Fryslân. De serie is ontstaan in samenwerking met Hartcentrum Friesland van Medisch Centrum Leeuwarden.

Noot voor redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.